

# Drokke liedt ôf yn útdaagjend dichtdebút

## Resinsje

Arjan Hut

Louis van Gaal hâldt net fan byldtaal. Doe't him op tv frege waard fan watfoar skilderijen as er hold, sei er sokssawat as: der moat net mear wêze as wat der te sjen is. It plaatsje is it plaatsje. Ik ynterprearre dat as in teken dat de man net foar joker stean woe trochdat hy in ferwizing net sjocht dy't in oar wol sjocht. Mei poëzij is dat gauris ek sa: guon kinne der net oer dat der net stiet wat der stiet. As is der in geheime koade dy't guon lêzers bûtenlút, wylst oaren in wrâld oan ekstra ynformaasje krije.

Ik moast oan Van Gaal weromtinke by it lêzen en werlêzen fan *Myn binêre koade*, Friduwih Riemersma har debútbondel. In mear as útdaagjende earsteling. Yn it bygeand skriuwen fan de útjouwer seit it dat dizze dichter troch just werom te kearen 'nei de tradisjonele foarm', losbrekt fan 'de Fryske belletry [sic] dy't braaf fertier wurden is'. Riemersma is tige belêzen, de kennis fan saken knalt fan alle wurden dy't se loslit. Dat makket har somtiden dreech om te folgjen.

In koade kin men as geheimtaal opfetsje, en dizze bondel liket krekt skreaun te wêzen foar minsken mei in passy foar tekstanalyse. As in bern dat net boartsjendewei praten leard hat, mar pas begjint te

praten nei in folsleine stúdzje fan de taalkunde, sa dichtet Riemersma der op los. De lêzer krijt op de achterflap wat hânfetten mei: it binne brieven (net te bestellen) fan in skriuwer (ûnbetrouber) oan 'mem'. De foarm (titelleaze blokken) jout hâldfêst, do kinst hieltyd it hear oersjen, ek al wolle de wurden alle kanten út.

Der komme prachtige rigels foarby. 'Fytsers swierden oer de dyk as jugendstil' en 'Op in nacht glierden Saturnus en Jupiter mei syn twaen oer de súdas' bygelyks. Mar binne dizze rigels tafal, lykas it wurk fan poetrybots, of is dit it talint fan Riemersma? It komt nammentlik hast nearne yn de bondel foar dat in byld langer

droegen wurdt. De lêzer wurdt allegeduerigen fan de hûn nei de bok stjoerd. Tel dêrby op de drokke oan bylden. Fan Grykske mytology oant skaaktermen, sitaten en grappen yn fer-skate talen, ferwizings *all-over-the-place*, as harket men nei de spoken word-foardracht fan in trippende universiteitsbibliteek. De yndrukken grimelje as in leger eamelders foarby. 'It is kerseplôk-seisoen as wy nei't pûdeljen mei de / fruitarbeiders wer op 'e igge dripe ûnder brea-mei- / aapferhalen oer wat de syklus driuwt fan de / swietwettermoksels dy't ritmysk dúnje aanst kût sjitte / (...).'

Ja, ik fiel my geregeldwei sa't Van Gaal him fiele moat as er foar in abstrakt masterwurk stiet. Der is de

twingende suggestje fan kwaliteit, mar wat stiet der eins? Hat ien my hjir te fiter? Sa is dit in dapper debút, mei útdaagjende teksten, sûnder opsnolke moaiskriuwerij, of braaf fertier. Tagelyk biedt *Myn binêre koade* ek typyske begjannerspoëzij: wat der stiet is bedobbe ûnder lagen en lagen fan ûnnedich kryptyske en drokke taal.

► *Myn binêre koade*. Friduwih Riemersma. Grotesk Utjouwerij, 15 euro

